

Sjoch ris wat faker yn 'e spigel en skerpje jo op!

Koop C. Scholten

Dat advys soe 'k jim graach foar it nije jier mei wolle jaan. Want wat is it net fan belang foar ús âlde Fryske sprake dat de minsken him kreker brûken gean. Dat se sich der mear oan gelegen litte lizze. As se dat earder hienen dien, dan hoegden AFUK-meiwurker Siegbert de Jong en Pieter Duijff en myn persoan fan 'e AFUK-kommisje Taalsoarch der net foartduerend foar te soargjen dat it - op Gurbe nei - populêrste rubrykje yn 'e Ljouwerter syn gerak kriget.

Wy hoege der net om hinne te heljen, wy besteane by de graasje fan de taalsleauwens fan Fryskbrûkers dy't prate - en skriuwe - as yn de earste alinea.

It sil dan ek gjinien nij dwaan, dat wy altyd op skerp stean. Stjoert Omrop Fryslân syn ûnfolprijzge programma's út, tankber notearje wy de rispinge, byneed op 'e râne fan in âld krante. Steane der - en dat komt foar - Fryske artikels yn 'e Fryske deiblêden, wy ha 't skriuwarck by de hân. Folslein Frysktalige - om 'Fryske' hjirfoar justjes te nuansearjen - periodiken, boeken, advertinsjes, (t)roukaarten en neam mar op ûntkomme net oan ús waarnimmend each. En wee de kollega, de pommerant, it famyljelid of al dy oare argeloaze Fryskpratere dy't in stekje falle litte by 't breidzjen oan 'e deistige taalhoas of har fergaloppearje yn wat offisjelere omstannichheden. Wy kwattelje se op in kladsje of we slute har flaterkes yn ús herte.

Wy putte geregeldwei út ús foarrie en besykje dan in ferbininkje te lizzen mei de aktualiteit of ynhâldlik oan te sluten by merkeldagen of foar de Hollânske floed lizzende kristlike feestdagen lykas (de) Kryst en Hemelfaartsdei.

Wy binne net fan dy figueren as 'sa'n heikneuter yn de Lawei dy't ûnder de foarstelling (fan Mata Hari, K.C.S.) skodholjend alle útspraakflaters minusjeus yn in lyts bûsboekje notear't ('Koartsein', desimbernûmer '90 fan de Strikel). Mar it leit yn 'e reden dat sa'n

'heikneuter' fan André Bralts in goeie kâns hat om in haadrol te spyljen yn it 'Opskerper'-drama. Want, wy wolle ús materiaal graach gripe út it Fryskkulturele libben. It rûntsje fan smaakmeitsjende persoanen en ynstellings is fansels mar lyts; de foarbyldwurking lykwols koe wolris safolle grutter wêze dat it rjochtfeardige wêze soe, as de 'misbrûkers' har wat oantrieken fan de Opskerper-gefallen en har libben betteren.

Dat sil trouwens wol in yllúzje bliuwe. Foarst neame we eins noait nammen, dat ûntmaskering of oan 'e kaak stellen is der net by. Twads binne de measten har fan gjin kwea bewust. En om't ûnskuld noait sûndiget is har dat kwalik kwealk te nimmen. Mar faaks docht de rubryk syn namme wolris eare oan en draacht er dêrtroch by ta it behâld fan alteast ien lytse taalsûnder(-es). Men soene it hast hoopje, want wêr docht men 't oars ek foar, wier? In soad sicht op wa't de Opskerpers lêze ha we net. Net ûnmooglik, dat it gros doch bestiet út lju mei al safolle niget oan 't Frysk en safolle taalkundige seldissipline, dat it oan har eins net bestege is. As Anne Wadman of Trinus Riemersma ris - kritysk - reagearje, is dat fansels wol in teken dat se 't achtslane, en as sadanich foar ús 'ferearjend', mar yn wêzen hat it in soad fan (taal-)soarchlike ynteelt. En as Freark Dam yn syn LCetera-rubryk 'Sa sydtings' in kear stroffelet oer it brûken fan it neffens him wat te dialektyske 'tsjel', dan soenen we dat as in lyts sukseske besjen kinne foar ús provokaasje. Want, al is ús útgongspunt dat we it (al te) dialektyske nije en dat we foar de noarm sa likernôch te seil geane op dy fan 'e AFUK - dat kin ek hast net oars, as fertsjintwurdigers fan de AFUK-kommisje Taalsoarch - wy wolle ek wolris in kânske iepenlitte foar in reaksje. 'Lit mar ris stean, faaks dat der ien op hapt', is dan ús slotopmerking. By ús - tillefoanysk - oerlis kieze we ornaris foar it alle trije

iens wêze moatten oer de Opskerpers, kwa ynhâld en formulearring.

Yn rûge halen wurkje we yn 'e selde geast as de eardere Taalspegel-redaksje yn syn wikseljende gearstalling. It betinken fan Jan Stienstra silger, 'dat wurden dy't hast bewoartele binne better net foar de taalspegel hâlden wurde kinne', steane wy ek noch achter. It falt te lêzen yn 't ferslach fan de gearkomste fan 4-9-'79 fan de komisje Taalsoarch. Dat wie in wêzentlik momint yn de hiele ynterferinsjebestridingshystoarje, want op dy gearkomste hat Sytze Hiemstra - doe AFUK-foarsitter - út 'e doeken dien wat him foar eagen stie: twa fêste figuerkes, ien ferkeard, ien goed, mei in (taal-)spiegel tusken har yn. Ed Knotter - gjin ûnbekende yn it AFUK-yllustraasjelân langer - soe tekenûntwerpkes meitsje. No sa. Risseltaat: 1-3-'80 de earste Taalspegel yn 'e Ljouwerter.

Min en geef Frysk yn „Taalspegel”

Mei yngong fan hjoed stiet yn dizze krante de rubryk „Taalspegel.” Eltse dei sil men dêryn 'sjoch' kinne hokker frjemde wurden en sinskonstruksjes, meast hollannismen, yn 'e rin fan 'e jierren ta it Frysk ynslûpt binne en tagelyk hoe maklik it is om ditsoarte ynslûpsels foar te kommen. Lange, drege taalkundige kwestjes sille de twa mantsjes dy't yn de spiegel sjogge, net op it aljemint bringe, it giet om it gewoane deistige praat, dat hieltyd mear ferhollânsket en de Fryske taal stadichoan ferearmet. In taalsoarchkommisje fan de Afuk ûnder foarsitterskip fan drs. Pieter Breuker hat in tal foarbylden fan min en goed Frysk sammele dy't yn 'e foarm fan in petearke tusken in „minne” en in „goede” prater foar elkoar oer set wurde. De tekening fan de Taalspegel is makke troch Pyt Rodenhuis. Sjoch side 13.

De definitive mantsjes wienen dus fan Pyt Rodenhuis.

Dat spiegel is no spigel wurden: wy skriuwe de hollannismen neffens it Frys-

Taalspegel

፲፱፻፺፱፻፳፻



Taalspegel

፲፱፻፺፱፻፳፻



ke staveringsysteem. It wat stive en ûn-natuerlike herheljen troch de geef Frysk-prater mei as iennichste ferskil it korris-jearre wurd, út 'e begjintiid, ha wy noait tapast. De kommisje fan doe is trouwens ek al rillegau oergien fan guon lykas 'Ik ha juster in nije *hengel* krigen. Ik ha juster in nije *angel* krigen.' op sokken as 'Wie is dêr oan 'e doar? *Wa* wit, miskien de slachter wol.' In foarbyld út ús tiid: 'Koesto lêsten wat *tsjin* dy waarmte? Ik koe der poerbêst *oer*.' jout ek moai de fariaasje yn persoan oan - ornaris moat dy yn beide gefallen gelyk wêze - en is in wolslagge eksimpel fan in út it folle lib-

ben grypte en dêrtroch gongbere, natuerlike konversaasje.

Yn it meitsjen fan dy geve wjergader sit it measte tinkwurk. De brûkberens fan de sekfolen foarbylden fan min Frysk wurdt bepaald troch in wat lekker bekjend antwurd dat derby mooglik is. Want wês no earlik, 'Dokter seit, ik ha in *maachswear*.' hat as passende reaksje: 'Hat er dy der ek wat foar jûn?' en net: 'Hat er dy ek wat jûn foar dy *maachswolm*?', sa't 16-5-'90 it gefal wie. Dat begjint te bot op de ferwerplike 'pedagogyske echo' te lykjen.

By neier ynsjen fier ik dy 'heikneuter' út it begjin fan dit stikje ek ôf: 't komt yn 't Hollânsk-Frysk wurdboek net iens foar, 'kneuter' ek net, trouwens. Myn Kramers seit dat 'heik(n) neuter, klein boertje op de hei' is en dêr kin 'k alhielendal neat mei foar myn doel.

Dêr sil dus net in Opskerper útfloeie foar Sytze Hiemstra syn samling; fan 't begjin ôf oan hat er dy sekuer byholden, mei alle wizigingen yn druktechnyske sin fan 't kopke Taalspegel. It hie net iens folle skild of nei tsien jier hie de saak op 'e rêch lein. De Ljouwerter wie der wat op ôfitten, de kommisje wie wat troch de sleur befangen. Mar om no alhiel sûnder! Dat út in mannich breinstoarmgear-sitten tusken (ferantwurdlike) redaksjeleden en kommisje kaam de Opskerper foar 't ljocht mei as nije formule in aktuelere, sa mooglik ynspirearjende diallooch, keppele oan in alle dagen wikseljend duo popkes, mantsjes, wyfkes, beestjes of gewoan: wêzentsjes. Oft ien

en oar sa ferfrissend wurke hat as dat ús foar eagen stie is min (noch geef) te sizzen, mar yn alle beskiedenens fûnen we dy hjirnei folgjende twa om 1 april '90 hinne net ûnaardich.



2-4-1990

De hyperkorrekte foarmen 'aktualitite-program' en 'pubertiid' soenen we trouwens ek skoan brûke kinne, want wy beheine ús net alhiel ta ynterferinsjes, mar wolle yntern-fryske taalbonkjes ek wolris tusken de kiezen nimme. Sjoch 7-12-'90: 'Klaas is altyd by de *skieppen*.' en 27-7-'90: 'De *silen* kinne hjoed strut-sen wurde.' of: 'Kin elk yn in sporthal *telâne*?' (2-6-'90)

Ut de foech tritich nammen dy't ús kommisje oandroegen hat is ien fan Siegbert foar kar nommen: Opskerper. Wiisprater en ko, Giele kaart, It fingersje, Taalpiltsje, Mis is wer en noch in steal foelen dus ôf.

Moandei 12 maart '90 stie de earste, lofts ûnder op side 9. It min of mear fêste plak fan de Taalspegel is net oernommen.

Wat mei Gurbe syn kommentaar fêst ferbûn is, is it artikel(tsje) op 'e foarside dêr't it op slacht. De earste Opskerper slagge dat ek moai mei: '*Fergeleken* mei '89 is 't earste ljipaai let.' stie njonken 't stik oer de Sleatmer Peter Punter dy't de sneons dêrfoar it earste fan '90 fûn hie. Wy hienen dêr by ús planning om fersocht.

Moandei 11 juny wie 't wer rekke: 'It wie drok op 'e *open dach* yn Jelsum'; dêrboppe in artikel dêroer mei twa foto's oer de hiele breedte.



31-3-1990

ferfolch op side 6

Wy gokke wolris; dat kin net oars as men fjirtjin dagen yn 't foar wurket. Fansels mislearret dat ek wolris. 'Stiet der yts oer de Sovjet-Uny op de foarside?' (3-7-'90). Wy hiene dêr wat oer 't partijkongres ferwachte. Mar nee hear, neat te finen; ik leau, yn 'e hiele krante net. Yn ús ûnnoazelens besykje we ek wolris justjes de oandacht te festigjen op Frysk-kulturele eveneminten. 'Wa spilet ek wer de *echtgenoat* fan Mata Hari?', op 5 oktober, de dei fan de offisjele premiêre yn 'e Lawei. En in minsken dat der de oare foarstellings west ha!

Nammen neame we eins noait, ha 'k yn 't begjin al sein. Dat 's betreklik. In lytse seleksje mei dat taljochtsje. 'Hoe ha Wietze-en-dy tsjin de *koploper* spile?' (29-10-'90). 'Soe it *bestuer* wat tefreden wêze oer Korbach?' (9-4-'90). 'Bilker en Tamminga wurdt moarn in priis *útreikt*. De prizen wurde beide troch Liemburg *útrikt*, net?' (24-10-'90). 'Der ride moarn *praalwagens* troch De Geast.' (5-9-'90). 'Rein mar wakker *trots* op syn ûnderskieding, net?' (25-8-'90). 'Hermyn hat it typewurk in pear wiken *fersorgd*.' (15-9-'90).

Al dy lju ha ien ding gemien: dy flater ha se sels net makke. Korbach ken net in wurd Frysk, tocht ik, Tamminga makket

noait in (taal-)flater, Bilker skriuwt - de earste kear as debutante, Liemburg sóe ris in foutsje meitsje kinne: op 'e iepening fan 't Frysk en Frij-symposium hie se 't oer 'fertútéarje', mar ja, miskien hearde dat der doe wol by: de FLMD-konservatrise traktearre ús op in pear grouwélige fonologyske ynterferinsjes troch V.d. Choot, Schurer en V.d. Schaaf te sizzen; mar soks is wat lestich yn in Opskerper wer te jaan.

De Geast ha jim noch te goede. Wel, dêr wennet Pieter Duijff. Hermyn is dy fan V.d. Meer, al jierren yn 'e AFUK-winkel, en Wietze út 'e Pein wie dêr stazjêre doe.

Dy Rein is in apart gefal. Dêr is in ferhaaltsje by. Foar de skiedskriuwer is 't wol ferantwurde, leau 'k, om dat even te brûken as yllustraasje fan it berik fan de Opskerper. Rein is skriuwer fan de yn '90 75 jier wurden keatsklub Drachten; salang noch net, mar lang genôch om fan KNKB-foarsitter-basisskoalle-direkteur Johannes Westra de earespjelde op 't kolbertke te krijen. Dat wie op 'e resepsje. De oare jûns op 'e feestjûn hellet de seremoanymeester op in stuit mei in brede swaai de Ljouwerter fan dy deis út 'e binnebûse en seit: 'Rein jonge, it kin net op, stiet ek al yn 'e krante.' En hy lies foar wat hjirboppe al stiet. It opskep-

jend effekt gong de feestgongers al wat foarby, leau 'k, mar Rein en hast alle oaren ha tiden net snapt hoe't dat no sa treffe koe. Ik ha doe mar ferklapt, dat ik net allinnich lid fan dy keatsklup wie . . .

No, is dat net in posityf einde?

Tocht ik ek.

Noch folle praatnocht en taalnoed gewenst! ■



Hoe analysearje ik in roman, novelle of ferhaal? *

D. Eisma en S.T. Hiemstra

Ferklarring fan brûkte termen (II)

Fertelsituaasje

Dy't in boek skriuwt, skept in fiktive (optochte) ferteller of fertelystânsje. De auteur en dy fiktive ferteller meie nea lykslein wurde. Utspraken dy't yn in boek dien wurde kinne jo nea samar op namme fan de auteur sette. Sels as der in ik-ferteller is dy't deselde namme hat as de skriuwer, kinne jo noch net sizze dat dy ik-ferteller en de auteur deselde persoan binne. Riemersma seit der yn *Type en Talees* (s. 23; oerset yn de stavering

fan hjoed de dei) it neikommende oer: 'Hokker ynhâld oft men ek jaan wol oan it begryp 'autonomy' fan it keunstwurk, it liket metoadysk it bêste om yn earste opslach de maatskiplike kontekst fan de literatuer bûten beskôging te litten. De fertelsituaasje moat net fuortendaliks en rjochtstreeks yn relaasje set wurde ta de histoaryske persoan fan skriuwer en lêzer, mar dy moat opfette wurde as in ûnderdiel fan it 'literêre spul' dat de skriuwer yn syn skriuwersrol en de lêzer yn syn lêzersrol meielkoar spylje. Lit ús sizze: de skriuwer besiket hieltiten om de

spulregels justjes te feroarjen en de lêzer besiket dêr adekwaat op te reagearjen. De fertelsituaasje kin dan besjoen wurde ûnder it aspekt fan syn *estetyse* (kursivearring fan ús) funksje.'

Elts ferhaal is betocht, mar de fertelde foarfallen ferwize wol nei de werklikheid dy't de lêzer ken, en fan dy werklikheid mei de fertelystânsje net tefolle ôfwike, omdat syn ferhaal oars tige ûnwierskynlik wurdt. In foarbyld: R.R. van der Leest hat *Komme dy kepers?* skreaun. Op s. 11 skriuwt er: 'Dêr stiet wer sa'n boerdburdaap. Menear moat nei